



Dit is de dei...

Sara en Simon folgje Jezus

troch Foekje-Fleur Fink

Sara en Simon belibje – mei harren grutte broer Daniël, heit en mem, pake en oare famylje – de ferhalen fan ‘Dit is de dei...’.

De hiele famylje is doopt yn de Jordaan en is in nij libben begûn. Dat makket dat se Jezus folgje op syn reizen troch Palestina en op de besiten dy’t Er ôfleit. Soms binne Sara en Simon derby as Jezus minsken better makket. Of se hearre fan pake, harren grutte broer Daniël en oaren oer Jezus.

De stoarm op de mar

Lukas 8,22-25

It wie sabbat. De sinne wie al ûnder. Pake, heit, Daniël en Simon kamen krekt werom fan de synagoge. Mem en Sara hiene ûnderwilens it iten klearset. It seach der hearlik út. Dit wie foar harren it moaiste moment fan ’e wike: mei-inoar om ’e tafel. En it iten wie op sabbat altyd hiel spesjaal.

Simon en Sara sieten allebeide oan in kant fan pake. Dat pake der hjoed by wie, wie wol hiel bysûnder. Pake wenne oan ’e Mar fan Galileä, in hiel ein fuort.

“Wol pake noch ien kear dat ferhaal fan de stoarm op ’e mar fertelle?”, frege Sara.

“Fan wa hat pake dat heard?”, frege Simon. “Is it wier bard?”

Pake knikte en sei: “Ik haw it heard fan ien fan de freonen fan Jezus. Dy wie derby doe’t it sa stoarme. Hy siet sels op ’e boat.”

“En Jezus dan?”, frege Sara.

“Dy wie der ek by”, antwurde pake.

Pake seach fan heit nei mem en frege: “Sil ik it dan noch mar in kear fertelle?”

“Doch mar!”, sei mem. “Wy harkje graach mei.”

En pake fertelde:

“Dit kin sa net langer”, suchte Petrus. Hy rûn it skip op en del. “Andreäs, wat tinkst, sille wy Jezus freegje om by ús op ’e boat te kommen?”

“En dan?”, frege Andreäs.

“Hasto dan net sjoen hoe wurch oft Jezus is? Der komme hieltyd mear minsken by Him.”

It wie as hie Jezus heard wat se seine. De boat begûn te skommeljen. Petrus en Andreäs draaiden har om... It wie Jezus. Hy stapte yn 'e boat.

“Foarsichtich Master”, rôp Petrus.

Jezus koe syn freonen wol. Hy wist dat se fan Him holden. Dêrom sei er: “Lit ús mar nei de oare kant ta farre.”

“Gelokkich”, suchte Petrus. “Wy sieten yn noed. Jo moatte wol bot wurch wêze.”

De oare learlingen kamen no ek oanrinnen.

“Touwen los, mannen!”, rôp Petrus.

Allegearre hiene se harren eigen taak: de iene helle de touwen yn; in oare learling sette de seilen by. It wiene echte fiskers. Se wiene bliid as Jezus meigie.

Mar dizze kear wie it dochs oars. Wat seach Jezus der wurch út. Dêrom socht Er in rêstich plakje, yn it foarûnder. Dêr joech er him del tusken de fiskersnetten.

Doe't se in skoft fearn hiene, sei ien fan 'e manlju: “Sjoch ik it wol goed? Is dat in wolkje dêr yn 'e fierte?”

Petrus sette de hannen boppe de eagen. De sinne wie skerp. “Ja, do hast gelyk. En der komme mear by, grutte sels!”

“Kinne wy noch werom?”, rôp ien fan de learlingen benaud.

“Nee, dat is ûnmooglik! Wy binne al te fier út de kust”, sei Andreäs.

Petrus rôp: “Dit wurdt stoarm mannen. Doch wat ik sis!”

De seilen waarden strutsen. Alles waard mei touwen fêstset. Se wiene noch mar krekt klear, of it begûn al te waaien. De wyn helle bot oan. De weagen kamen oanrôljen... De see stie heech.

“Fêsthâlde, mannen!”

“An-dre-as... Tink derom!”, raasde Petrus.

In grutte weach klapte tsjin it boatsje. It wetter skomme... en streamde it skip yn.

Noch sa'n weach en it skip soe wol omslaan kinne.

Se raasden: “Master, Master, wy ferdrinke!”

Petrus pakte Jakobus by de earm fêst. Hy koe himsels net oerein hâlde. “Hoe kin Jezus dêr sa rêstich lizze te sliepen yn dit needwaar! It skip fergiet!”, rôp er alhiel oerstjoer.

Johannes kroep nei Jezus ta en stompte him oan. Jezus waard daliks wekker.

Hy kaam oerein en gie midden yn it skip stean. Dêr begûn er tsjin de wyn en de weagen te praten... En it duorre mar efkes of de wyn gie lizzen. It waard stil!

Jezus seach syn learlingen ien foar ien oan...

Dêr stiene se: kletstrochwiet. De gesichten stiif fan eangst.

“Wêr is jim leauwe?”, frege Er.

Nimmen doarde ek mar wat te sizzen. Se skammen har, want se hiene har meislepe litten toch eangst. Opnij tochten se: we moatte better op Jezus fertrouwe. Hy sprekt tsjin de weagen en se harkje! Hy sprekt tsjin de wyn en dy docht wat Er seit!

“Ik begryp wol dat se bang wiene”, sei Sara. “It stoarme echt!”

Simon knikte... Hy begriep de freonen, mar hy woe ek graach op Jezus fertrouwe.

Pake lake en sei: “Ik bin ek bang yn 'e stoarm, mar tagelyk fertrou ik op Jezus!”